


Sa moai as poes

wurden en wize: Doede Veeman

kearsang: C



mjau mjau mjau mi - au - auw in kat is wier net flau mar - al - tyd skerp en al - tyd skjin wy -

B7

Em

F

C

G7

C



dog - ge dochts ús ei - gen sin de al - der - tûk - ste yn 'e hûs bin wy sa moai as poes!

Am

E7

Dm

E7

kûplet:



kat-ten bin ge-wel-dich sa li - nich moai en tûk wy kin-ne al - les dwaan en oer-al kom - me wy

Am

E7

Dm

G7



jou-we lea-ve kop-kes en spin - ne dan sa smûk wy sit-te graach foar't rût tus - ken de blom - men

katten bin geweldich, ja better as in hûn
wy bin de bêste bisten dy't der binne
wy falle altyd kreas wer mei ús poatsjes op 'e grûn
en kin sa lekker lizze yn 'e sinne

katten bin geweldich, wy witte oeral fan
wy heare alles mei ús spitse earen
yn tsjerke, skoalle, winkels, en dat nijs bringe wy dan
by Tibbe, dan kin dy der wat fan leare

katten bin geweldich, wat sneu no foar Minoes
om hjir sa as in minske om te rinnen
sy moat mar gau feroarje wer yn in moaie poes
dat's bêste dat wy foar har winskje kinne